

# De fjildferhalen

Rink van der Velde

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân,  
Stifting FLMD en gemeente Smellingerlân

© 2009 Rink van der Velde

© 2022 útjouwerij Bornmeer | erven Rink van der Velde

Foarmjouwing omslach: Barbara Jonkers

Foarmjouwing binnenwurk: Julien Hoekstra-Kermans | DTP-Atelier

Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 94 6471 029 8

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei  
fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen,  
fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike  
tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234,  
8400 AE De Gordyk, Nederlân – [info@bornmeer.nl](mailto:info@bornmeer.nl)

Bornmeer is in ymprint fan  
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)

*'De wrâld rint op 'e non,' sei ik, want de ûnderfining hat  
my leard dat soks yn elkenien del wol en it is in moaie  
oanrin om op in oar ûnderwerp oer te stappen*

---

*út it ferhaal *Mollen**

# Ynhâld

- [1] Kringen 9
- [2] Iel 14
- [3] Pak spikers 18
- [4] Mûdhûntsjes 22
- [5] Mollesturtsjes 25
- [6] Projekt 31
- [7] Hontsje 35
- [8] Mollen 40
- [9] Den bedrieger bedrogen 45
- [10] Sytze 50
- [11] Hazze 55
- [12] Begryp 61
- [13] Trimme 67
- [14] Busreis 73
- [15] Hamke 80
- [16] Skuld 87
- [17] Iel 94
- [18] Jager 99
- [19] Bushfire 103
- [20] Koart guod 107
- [21] Otters 111
- [22] Heide 114
- [23] Poepen 117
- [24] Deskundelooch 120
- [25] Guozzen 123
- [26] Murdespui 126
- [27] Hontsje 129

- [28] Iten 132
- [29] Meskebiters 136
- [30] Dûkeleintsje 140
- [31] Ljippen 144
- [32] Iel 147
- [33] Blei 150
- [34] Geit 153
- [35] Bonne Bus 157
- [36] Guozzen 163
- [37] Reidhintsje 169
- [38] Iel 175
- [39] Popels 181
- [40] Muskusrôt 186
- [41] Wyldbearder 191
- [42] Stil 197
- [43] Stjonksleat 201
- [44] Ljippen 210
- [45] Simmer 1995 214
- [46] De motivatie van een rattenvanger 218
- [47] Mei de reidjager by de spoarbaan lâns 224
- [48] Herinneringen van een oude wildstropoer 226
- [49] No witst teminsten wat in ko kostet, sei heit 231
- [50] Hartsje, dyn eare en it fatsoen lizze oan 'e dyk 238
- [51] Achttien jaar gevaren en 35 gulden verdiend 244

Ferantwurdig 251



## Kringen

Doe't ik yn 'e slachterij kaam, stienen Sikke en Jelle de Jong krekt yn stúdzje by in grouwe klompe brúnbluodderich guod, dat se op 'e bank lizzen hienen. Elk mei in romerfol yn 'e hân, de overals ûnder de drek en it swit noch op 'e foarholle. Der hingen fjouwer heale pinken oan 'e souder en likefolle heale bargaen.

'Dy wurdt ôfkeurd,' sei Sikke berêstend en hy bedoelde sa't it like de klute guod op 'e bank.

'Dêrom in grut skandaal, is 't wier of net?' sei Jelle en hy rôp my as tsjûge oan.

'Dizze lever mankeart hast neat oan. Lit him wat grutter wêze as normaal, it wie ek in bêste pinke. En al dy bisten fan 'e lege grûn ha in grutte lever dêr dochst neat oan.'

'Dat is sa,' befêstige Sikke, 'mar dy fan ferline wike hat ek de hiele simmer yn 'e polder weide en dochs wie de lever goed.'

Hy krige de flesse en geat Jelle en him nochris yn.

'No ja, ik rekkenje der altiten op, dat de lever net goed is, dan falt it noait ôf. En dizze pinke sitte in soad kilo's oan, dat ha 'k al lang sjoen.' Doe seach er myn hazze.

'Dy moat even út 'e jas holpen wurde, tink?'

Ik hie him earlik deariden, dy hazze. Hy sprong sa út 'e berm wei yn it ljocht fan 'e koplampen, ferkearsslachtoffer safolle. Op slach dea en net iens slim beskeadige. Jo kinne sa'n bistje yn 'e berm smite fansels en trochride, mar dêr wurdt net ien better fan. En it is op 't lêst iten, bêst iten ek noch.

'Rin mar even troch nei de slachterij,' hie Jelle syn frou sein. En sa kaam ik mei myn deade hazze tusken de heale pinken en bargaen telâne. Wol in oarde, dêr't it fegetarisme in slim sympatike saak wurdt, mar dat is fansels in kwestje fan wennen. 'Ik sil him daliks even pakke,' sei Sikke.

'Wy ha de earste loop krekt hân, sjoch.' Hy gong der foar sitten en Jelle, dy't al tsjin 'e santich rint, mar alle wiken noch in dei by him komt te slachtsjen, joech him ek del.

'Sjoch, dat dogge wy altiten,' lei Sikke my út.

'Wy slachtsje en as wy se oan 'e balke ha, dan nimme wy earst in Bearenburchje. Dat die ús heit ek. Ast mei syn twaen twa pinken en in pear bargaen slachttest, dan moatst oanbealgje. Wy ha al in heale dei hân. Ear't wy begjinne út te bonkjen, keapje wy earst in pear Bearenburchjes, wy ite in hapke en dan hat ûndertusken de keurmeester der west. En dan kinne wy fierder, begrypste? As ik aans myn lêste slokje derút ha, dan sil 'k even dat haske foar dy strûpe. Gjin fettenien, sjoch ik wol, mar dêr is de tiid ek net neffens.'

Hy fielde myn hazze yn 'e rêch.

'Stikken,' sei er, 'foar de auto hân?'

Jelle skôge ûndertusken de lever en skodholle.

'Ivich sûnde, dat soks ôfkeurd wurdt,' sei er, 'ik soe der wol mei rêde as it mines wie.'

Sikke pakte der net sa bot mei om.



‘Neat oan te dwaan, dat is de risiko fan ’t fak. En sa ’k sei, ik ha der rekken mei holden.’

Hy begûn my út te lizzen, dat kij dy’t fan ’e lege grûn komme, en dan benammen út ’e âlde feanpolders, hast altiten in minne lever ha. It skynt oan it sleatswetter te lizzen. Der sit in bistje yn dat wetter, dat it op ’e lever fan ’e kij fersjoen hat. Sa sjogge jo dat men oeral wat leare kin, want ik hie wol ris fan leverbotsykte heard, mar it altiten allinne de skiep tarekkene.

‘Ik sil dy ien ynjitte,’ sei Sikke, ‘en dan pak ik dat haske even.

Jelle sei: ‘Dochs is ’t my yn ’e wei, sa’n skoandere lever. It stekt ek nau op ’t heden. Ha ’k de tredde al hân, Sikke?’

‘Jit dysels mar even yn,’ sei Sikke, dy’t myn hazze ûnder hannen hie.

‘Ik ha wol oare levers sjoen,’ sei Jelle, ‘en wat ieten de minsken der lekker fan ... Ik slachte doe mei Jan Brún en wy sutelen it fleis sels út. Der wie doe noch gjin keuringstsjinst. Dat is ek nearne goed foar. Ik sis dy, dat der op ’t heden in bulte bêst fleis yn de kadaverbakken komt. Der hoecht neat oan te mankearen of it wurdt ôfkeurd. Mar wy slachten alles en noait gjin spul hân. Ik ha der oars al in kear oer yn sitten. Mar dat kaam troch Jan Brún. Hy slachte in soad kringen en hy wie wolris wat rûch. Dat jout neat, mar ik kin net sizze, dat it mei Jan Brún altiten fertroud wie. Oars in bêste fint, mar om sokken is dy keuringstsjinst der kommen. Jan Brún kaam by my – dat is no wol fjirtich jier lyn, wy wennen op ’e Houtgehage – en hy sei: ik ha in geskikt bistje, moatst my even helpe.

No, ik seach it daliks wol. Ik sei tsjin Jan Brún: kinne wy dizze net better yn 'e grûn stopje? Mar Jan Brún ornearre, dat it wol koe. Hy hie him fansels suver foar neat krigen en as it goed útpakte, bleau der in moaie stoer fan oer. Yn dy tiid wienen wy fûl op wat ekstra fertsjinst. Dat wy slachten him, mar ik sei tsjin Jan Brún: hjir doar ik net mei de streek op. Hy sei: do moatst my helpe, want dit kin net lang duorje. Ik sei: dat is 't him krekt, Jan, dit hat al te lang duorre. As ik myn sin sis dan bestopje wy de hiele brut. In pear oeren arbeide om 'e nocht, mar dat is dan net oars.

Jan Brún woe der neat fan witte. Dit bistje hat lit, sei er, en dat is him nei binnen slein, mar it fleis is sa moai as wat. It is suver in edel bistje, se hienen him allinne even earder deadwaan moatten.

Hy wist fansels like goed as ik dat it in kring wie. It fet rûn my om 'e hannen en it woe mar net stjurje. Ik sei: hjir doar ik net mei fuort, wy kinne de minsken wol ferjaan.

Wy bringe it yn 'e kelder, sei Jan Brún, dan kin it even bekomme en do silst sjen, moarnier is 't sa moai as wat. No, dat dienen wy, it waard ek al jûntiid.

Mar doe pakte Jan Brún der in protsje by wei.

Ik sei: wêr silst hinne? Hy sei: Kobus van Dyk moat in pear pûn ha. Kobus wie syn buorman, in âld frijfeint. Ik sei: wêrom moat Kobus fleis fan dy ha? Wêrom net? sei Jan Brún. Do gunst dy âld man dochs wol in stikje fleis? Hy hat de hiele simmer neat fertsjinne en al hat sa'n lichem net folle noadich, wy kinne sa'n stumper net deagean litte. En it is myn buorman, dat jout ferplichtings.

Ik sei: ik gean nei hûs, Jan. Bêst, sei Jan, sille wy moarnier sân oere mar los? Moatst al komme hear, want it moat net te lang lizze.

No hie ik der neat mei te meitsjen, mar dochs ha 'k dy nacht net rêstich slept. Om seis oere de oare moarns wie 'k by Jan Brún. Dy wie der ek al ôf. En doe hawwe wy tegearre oan goed sân oere ta foar 't rût sitten. Doe seagen wy by Kobus reek út 'e skoarstien kommen. Klear, sei Jan Brún, wy kinne los. Wel, en doe ha wy de boel dochs mar útsutele.'

---

út: *len foar 't ôfwennen*

## Iel

Yn 'e oarloch fan fjirtjin-achtjtin doe ha 'k yn tsjinst skriuwen en lêzen leard, yn 'e twadde ha 'k in pear sinten fertsjinne. Ik tink wolris: wat soe my yn 'e tredde oer komme. Mar dêr hoech ik op myn leeftyd net oer te prakkesearjen. Se kinne my alle nachten ophelje, is 't net sa. En dochs tink ik soms: hoe soe dat komme yn sa'n nije oarloch? Soe de iel dan yn 'e earste tiid wer sa'n bytsje wurdich wêze? Lêsten ha 'k dat noch tsjin myn âldste soan sein: as it derop liket, dat it oarloch wurdt, tink der dan om datst gjin iel mear sitten hast.

No is it fansels oars as yn fjirtjin-achtjtin. Ik leau, dat Ingelân op 't heden net iens iel fan ús kriget. Mar it bliuwt rikeljusiten en yn tiden fan oarloch is de priis der samar ôf. As ik tink oan dy seishûndert pûn moaie skiere iel dêr't wy yn fjirtjin mei sitten bleauwen, dan griist it my noch oan. Allegear fleane litten, seishûndert pûn grouwe skiere iel.

Nee, ik wol gjin slokje mear ha. Ik ha trije hân en mear nim ik noait. Ik bin no 83 en ik ha net ien kear ûnbekwaam west. Ik krij moarns in kloppe aai mei Bearenburch of konjak, en jûns keapje ik hjir in pear slokjes. Mar dat is mear fan 'e lêste jierren; sûnt myn frou wei is, rin ik der jûns wolris út.

Myn âldste jonge fisket noch. Der sit de lêste jierren amper in bestean yn. En dochs fange dy nijlonfûken ôfgryslík skerp. Ik ha wol ris sein: do kinst net fiskje of der is gjin iel mear. De jonge fangt net de helte fan wat wy ear-tiids ophellen en wy fisken mei katoen en side, fan dy swiere dweilen, grôtfol taan. Mar der is minder iel en do moatst tûk fiskje ast bestean wolste. As de iel net sa djoer wie, koe it net.

Sjoch, dat woe 'k sizze, de iel hat altiten djoer west. Wy barden in gûne it pûn en doe koest mei in gûne aardich mear dwaan as no. Om 1910 hinne barden wy ek in bêste priis. De farske iel gong doe hast allegear nei Ingelân, dat sille jo miskien witte.

Us heit en ik skreaunen op 'e Tsjonger. Wy setten sân-hûndert gûne op it briefke en wy krigen him. Us heit sei: no moatte wy fûl fiskje ear't it oan ússels ta is. Wy makken twa tichtsetten, ien ticht by hûs ûnder Mildaam en de oare oan 'e ein fan 'e Tsjonger by de Tsjûkemar. Ik wie doe al troude en wy praten ôf, dat ik mei it aakje nei de ein ta soe. No fong it dêr sa goed net as ûnder Mildaam. Sjoch, de iel komt yn 'e neisimmer fan boppen, dat ús heit fong fierwei it measte. Wat ik oan 'e ein krige, dat wie heit ûntkommen en ik krige fansels ek de iel dy't út 'e trek-gatten kaam. Der wie doe noch gâns skipperij op 'e Tsjonger, dat jo koenen nachts gjin oere by it tichtset wei. Wy hienen alles by ús en it wie in moai aakje, dat Tsjits en ik koenen it der wol mei dwaan. Wy ha dêr ús earste bern oanset; wy hienen it oerdei wol oan tiid.

Wat no dy seishûndert pûn oangiet, dat siet sa. Op in moarntiid fong ik ynienen folle mear as oars. Ik sei: heit hat

de boel stikken hân fannacht. Sa 'k sei, der wie aardich farderij en benammen de modderskippers wienen gleon. Se farden soms heale nachten troch en it is ús mear as ien kear bard, dat se mei it kearnet oan 'e kile fierder farden. Ik siet eins al op dy skipper te wachtsjen. It koe fansels ek in modderskip west ha, dat nei it Fean syld wie.

De oare moarns wer in grouwe flut iel. Tsjits sei: soe der wat mei jimme heit wêze? No wie ús mem der ek wol om de boel te berêden en ús heit hie sein, dat wy sa gau mooglik dy sânhûndert gûne pacht fertsjinje moasten. Dat ik bleau op myn post. De tredde nacht wer in soad iel en wy hawwe oerdei tegearre sitten te boetsjen, want ik woe alles út ha wat ik oan fûken by my hie. Ik sei: as heit net mear fisket moat ik dûbelop. It hat noch in pear dagen duorre en ik hie wol yn 'e gaten, dat it net doogde thús. Ik hie op 't lêst alle bakken fol iel sitten. Ik sei: as der in keapman del fart, ferkeapje ik. Dat moat heit mar goed fine. Mar der kaam gjin keapman en dat wie ek in frjemd spul.

Do moatst derhinne, sei Tsjits. Aanst in neare dei en de hiele brut dea. En ik wol witte wat der by jim thús is. Ik by it wetter lâns nei Mildaam. Us mem kaam my al fan fierren temjitte. Och jonge, sei se, do hiest al acht dagen ûnder de wapens wêze moatten, it is oarloch. Ik sei: wêrom fisket heit net mear? Us mem gûlde deroer. De ielkeapman komt net mear, se wolle gjin iel mear ha, want der farre gjin aken nei Londen. En jim heit is de heule dei mei in bak fol iel te suteljen, mar de boeren kinne se lang net op.

En doe hie 'k it fansels wol foar it ferstân. Ik helle myn iel by de Tsjûkemar wei en ik sei tsjin Tsjits: kom mar mei, it is

dien mei de fiskerij. Ik hie seishûndert pûn iel fongen, seishûndert pûn prachtige skiere iel. Us heit hat der dagenlang mei sutele, mar do koest de boeren net faker as ienris yn 'e fjirtjin dagen in pear pûn iel ferkeapje. En dan mochtst mei twa kwartsjes it pûn bliid wêze. Us heit hat se op 't lêst mar swimme litten.

Ik ha doe oardeljier foar myn nûmer yn tsjinst west en letter ha 'k foar 85 gûne noch fjouwer moanne tsjinne foar in jonge út Amsterdam. Dy syn heit mocht it wol barre en ik koe thús dochs neat fertsjinje. Ik ha doe lêzen en skriuwen leard en dêr ha 'k letter genot fan hân.

Yn '39 liezen wy de Hepkema en ik hold it yn 'e gaten. It hat noch in jier duorre ear't de oarloch útbriek, mar ik ha noait mear as hûndert pûn iel sitten hân. Letter, foaral yn it lêst fan 'e oarloch, koe de iel ús it measte net mear skille. De minsken hienen leaver in grouwe blei of mûdhûn. In keapman út Stienwyk kocht my de fisk ôf. Ik ha noait it measte frege, mar der dochs in pear sinten fan oerholden.

Sjoch en dan tink ik wolris, gewoan foar de aardichheid: hoe soe dat komme as it wer oarloch wurdt. Soenen se wer ferlet ha fan mûdhûn en blei? Mar de iel is op 't heden djoer en ik ha it okkerdeis noch tsjin myn soan sein: goed krantlêze en hâld it yn 'e gaten. Sadree't it losgiet dan moatst de iel kwyt wêze.

---

út: *len foar 't ôfwennen*

## Pak spikers

Om goed alve oere sei Geart Vaartjes: 'Hawwe wy dat pak spikers al ferrekkene, Lykle?'

Lykle stoarre doe gâns in skoft yn syn kaart. It duorre sa lang, dat de beide oaren nijsgjirrich waarden.

'In bytsje flot op, Lykle,' sei Jouke. 'Wy binne hjir net by de baas.'

'Smite duvel,' sei Feike Veenstra lulk, 'dit wurdt dyn slach.'

Lykle lei syn troef derby, seach Geart Vaartjes oan en sei tsjin Pyt: 'Moatst Geart ien fan my jaan.'

Hy spile de bom evenredich út, mar doe gyng er oerein en sei: 'It is myn tiid.'

Dat wie net wier, want foar tolven hâlde se noait op. De oaren wienen it der lang net mei iens, mar Hindrik Douwstra woe as fjirde man wol ynfalle, dat sadwaande hienen de oaren der frede mei, dat Lykle ophold.

'Ik miende, datsto nei hûs soeste,' rôp Jouke, mar Lykle gyng der net op yn en Jouke hie in minne kaart krigen, dat dy hie genôch oan himsels.

'Ik soe ha wolle,' sei Lykle mear tsjin himsels as tsjin my, 'ik soe ha wolle, dat sa'n Geart Vaartjes dêroer ophold. It is ommers tritich jier lyn en dan moat soks ophâlde. En hy wit